

NIJSBRIEF



Utjefte fan de feriening Freonen fan Omrop Fryslân



FAN IT BESTJOER

Op it momint fan it ferskinen fan 'e nijsbrief is it simmer, mar ik skriuw dit noch yn 'e mai-tiid. Wol is it dúdlik dat it waar, nei in muoisume start, hieltyd better wurdt. De natuer is wakker, it kleuret bûten hieltyd griener, de boeren hawwe de earste sneed binnen en de iisko ferkeapers dogge alwer goede saken. De simmer betsjut by de omrop wer simmer yn Fryslân en dus tiid foar de simmersporten.

Tink dan oan it fierljeppen, keatsen en fansels it skûtsjesilen.

Op 10 augustus geane wy mei de freonen nei in wedstriid ta, fierderop yn dizze nijsbrief de útnûging hjirfoar. Der is mar plak foar 70 persoanen, dus it kin wêze dat der lotte wurde moat.

Fierder yn dizze nijsbrief in weromblik op de

Algemene Leden Vergadering en wer de fêste rubryk: de fraach fan de omrop. Ha jimme, as lêzers, in fraach oan de omrop of oan ús? Lit it ús witte, dan sille wy sjen oft wy dêr wat mei dwaan kinne.

Wy winksje jimme allegearre in hiele moaie simmer ta!

Bestjoer Freonen Omrop Fryslân

JIERFERGADERING 2023

Vera iepenet de ledefergadering fan de Freonen. We binne bliid dat we dit jier wer in byienkomst organisearje kinne nei't we dat in tal jierren troch corona net mear dwaan kinnen ha. Gretha lêst de ôfmelding fan yn totaal 17 Freonen foar, oanwêzich binne der jûn 52 Freonen.

Vera nimt it jierferslach troch en ljochtet in tal punten ta. Foarich jier hawwe we ús jubileum fan de Freonen mei in leuke aksje fiere kinnen, spitigernôch wol mei in beperking troch de corona. We besykje alle jierren wat te dwaan om de Omrop te ûnderstypjen. Ferline jier is it Frysk Diktee mei help fan de Freonen organisearre en hawwe we ek in finansjele bydrage levere. By de telefyzje-opnames fan Flijmsk ha we de Freonen útnûge en hiene we in folle seal yn 't Haske op 'e Jouwer. Der binne foarich

jier twa E & E's en twa nijsbrievien ferstjoerd. We krije de fraach oft it nijsbrief ek per post ynstee fan per mail ferstjoerd wurde kin. Dit is op it stuit wat dreech, foaral om't ús ledesoftware dêr gjin ûnderskie yn meitsje kin. It ferstjoeren per post is fansels ek folle djoerder. We besykje hjir sa tûk mooglik mei om te gean. We sille neifreegje oft we goedkeaper/lichter papier brûke kinne foar it drukken, wêrtroch ferstjoering wat minder kostje sil. Sadree't we mear witte oer de mooglikheden, sille we dit weromkoppelje fia it nijsbrief of de Each & Ear.

Vera jout in koarte útlis oer de klankboerdgroep en hoe belangryk dizze foar de Omrop is. Der wurde yn de klankboerdgroep ferskate dingen besprutsen oer programma's, mar ek de Fryske taal komt faak op it aljemint.

Fierder wurdt der in koarte útlis jûn oer it bestjoer. Dizze bestiet út in deistich bestjoer (DB): Vera Stilma, Geert Kingma en Gretha van der Meulen. Aebe Tuininga en Saskia Kuitert folje dit noch oan mei it algemien bestjoer (AB). Spitigernôch hat Saskia begjin dit jier besletten om te stopjen mei har wurksomheden foar de Freonen. We dogge hjirby in oprop oan de leden om in tal wurksomheden fan ús oer te nimmen yn it AB of om it AB te stypjen. Bygelyks it meitsjen en skriuwen fan de E & E of it nijsbrief.

Op dit stuit binne we dwaande mei in nij systeem foar it administrearjen fan ús leden. De âlde software wurdt net mear ûndersteund en dêrom moatte we oergean op in nij systeem.

Us ponghâlder Geert ljochtet it finansjele jierferslach ta en freget útstel fan de kaskontrôle om't dy troch omstannichheden noch net slagge is. We dogge in oprop oan de leden en Griet Kuipers wol wol kontrolearje tegearre mei Nynke Bosgra. De leden binne hjirmei akkoard.

Femmeke hat ús dit jier holpen mei it opsetten fan de nije misje en fyzje dy't wy folgje



sille op deselde wize as Omrop Fryslân. Hja jouwe útlis oan ús Freonen oer de trijehoek: Freonen, Omrop en Bestjoer. As Freonen organisearje wy aktiviteiten dy't altiten linkt binne oan Omrop Fryslân.

Wannear't der in boatreis organisearre wurdt, sil der ek in aktiviteit fan of troch de Omrop by wêze.

It soe bygelyks in boatreis nei it skûtsjesilen wêze kinne, mar dan mei ferslachjouwing fan Omrop Fryslân dy't fan it wetter ôf te folgjen is. Ek Flijmsk wie hjir ôfrûne jier in goed foarbyld fan. Hjirby hawwe de Freonen genoaten fan in foarstelling wêrby't de Omrop opnames makke foar in telefyzje-útstjoering. We nimme ôfskie fan Femmeke en tankje har foar har help.

Ek betankje we Jitske mei in bosk blommen foar har ynset foar de Freonen. Hja hat ús jierrenlang ûndersteund en wie de spil tusken de Omrop en de Freonen.



Johan Terpstra sil dizze taak oernimme en wy hoopje dat der in soad nije inisjativen ûndersocht wurde kinne.

We binne bliid dat Houkje har nei it skoft foarstelle wol oan ús leden. Hja jout in koarte útlis oer har lieding en misje by de Omrop en oer de Omrop as bedriuw. Belangryk binne: de ferskowingen, sa as de feroaringen yn it bringen fan nijs en dokumentêres, it belang fan social media en it ynternet-nijs. It kabinet is foar lokale omroppen en de Omrop wurket nau gear mei Zilt, norf en de NOS.

It grutste probleem by de Omrop is de Fryske taal en de ferslachjouwers. Der binne net in soad ferslachjouwers dy't de Fryske taal goed behearskje. De Omrop is wol dwaande hjir yn gearwurking mei de Fryske kranten minsken yn op te lieden.

Nei Houkje fertelt Miranda Werkman oer it meitsjen fan dokumintêres. Dit is in nije foarm fan sjoernalistyk. It programma 'Fan binnen út' wurdt op dit momint útstjoerd. Miranda praat entûsjast oer it produsjearjen fan dokumintêres en hoe bysûnder it is om dat fan binnenút mei te meitsjen, mar ek fynt se it spesjaal dat it dan ek nochris útstjoerd wurdt.

As lêste wurdt de jûn ôfsletten troch in optreden fan Griet Wiersma en Pieter Wilkens ûnder it genot fan in hapke en in drankje.

Feriening Fan Omrop Fryslan

Verklaring kascommissie

Ondergetekende(n):


Namen: G. Kuipers en N. Bosgra


Verklaren hierbij alle stukken en bescheiden, betrekking hebbende op de exploitatie over de periode 01-01-2022 tot en met 31-12-2022 en de balans per 31-12-2022 van de Feriening Fan Omrop Fryslan 05 juni 2023 te Leeuwarden, te hebben gecontroleerd en akkoord bevonden.

De kascommissie verzoekt de vergadering om de bestuurder décharge te verlenen voor het gevoerde financiële beleid over de periode 01-01-2022 Tot en met 31-12-2022

Plaats Leeuwarden datum 05 juni 2023

Naam (namen) en handtekening(en):

G. Kuipers: 

N. Bosgra: 

OPROP

Meitinkers frege:

De Freonen fan Omrop Fryslân wurket mei wurkgroepen en dêrfoar sykje wy meitinkers en leden.

Wolsto meitinke en in bydrage leverje oan de grutste fanclub fan in regionale omrop yn Nederlân? Of hast ideeën oer de takomst en wolst graach meiprate? Wy sykje dy!

Stjoer in mail nei freonen@omropfryslan.nl

SIMMER YN FRYSLÂN, IEN GRUT FESTIVAL

It Simmer yn Fryslân gefoel belibbest alle jierren wer by Omrop Fryslân. En dit jier mear as ea. Omrop Fryslân giet der nammentlik op út en lit sjen wêrom Fryslân sa moai is, dat it in festival op himsels is. Hoe? Troch tichtby te wêzen, ferslach te dwaan fan eveneminten lykas de simmersporten, mar ek fan nije en oare eveneminten lykas de Snitswike, de Ballonfeesten en it Veenhoop Festival. It ultieme simmergefoel fynst dizze simmer by Omrop Fryslân!

Skûtsjesilen

De skûtsjesylwedstriden op telefyzje binne de lêste jierren in groeiend sukses. Ek dit jier is it kampioenskip



wer live te folgjen op telefyzje. Skûtsjesyldeskundige Eelke Dykstra leveret mei ferskate analisten rjochtstreeks en yntegraal kommentaar by de bylden. Foar en nei de wedstriid is der in foar- en neibeskôging op lokaasje mei presintator Arjen de Boer en de

analist. Under oaren sylcoach Roelof Bouwmeester en skipper Geale Tadema meitsje harren opwachting.

Ek dit jier bliuwt it ferslach op radio yn fertroude hannen fan skûtsjekenner Gjalt de Jong en Omrop Fryslân ferslachjouwer Geartsje de Vries. It skûtsjesilen is live te folgjen op radio, telefyzje en ynternet.

ÚTNÛGING

Yn gearwurking mei Omrop Fryslân sille we nei it SKS Skûtsjesilenta, nei de wedstriid yn Langwar op tongersdei 10 augustus 2023

We sette ôf om 10.30 oere fanút De Jouwer en komme dêr om 17.30 oere wer oan.

We farre mei 'De Klifrak', in salonboat dy't romte biedt oan 70 gasten.



Foarlopich programma:

- 10.30 oere Opstappe, ûntfangst mei kofje en gebak
- 11.00 oere Fertrek rjochting Langwar
- 13.00 oere Lunch
- 14.00 oere Skûtsjesilen, wedstriid Langwar
- 16.30 oere Fertrek wedstriidwetter, werom rjochting De Jouwer
- 17.00 oere Oanlizze en fan board gear

- Eigen bydrage is € 25,00 per persoan, foarôf oer te meitsjen
- Maksimaal twa persoanen op basis fan in lidmaatskip.

Graach aanmelde foar 15 july 2023 fia freonen@omropfryslan.nl.

Om't der mar 70 plakken beskikber binne jildt FOL=FOL. Jou jo dus sa gau mooglik op.

Keatsen en fierljeppen

Noch mear romte foar it keatsen by Omrop Fryslân dit jier. Neffens tradysje stjoert Omrop Fryslân op woansdei 2 augustus de PC Keatsen wer út op radio, telefyzje en online. Mar dat net allinne, ek de Freule en Frouljus PC binne dit jier live mei byld te folgjen by Omrop Fryslân.

Rom omtinken is der ek foar it fierljeppen. It FK Fierljeppen is 19 augustus fan 13.30 oere ôf live te sjen op telefyzje. Dêrneist binne der noch fiif belangrike fierljepwedstriden te folgjen fia in livestream. Sjoch foar al dy data op Omropfryslan.nl/fierljeppen

Wêr sjogge we jim dizze simmer?
De folsleine evenemintenkalendar fan Omrop Fryslân én hiel Fryslân fynst op Omropfryslan.nl/simmer.